

Sjochtip:

## FryslânDOK *Stoomboterland*

Judith Oost libbet yn in wrâld dy't se self betinkt en makket

Te sjen op 15 en 16 maart

Tëatermakster en Oerol pionier Judith Oost hat festivaleilân Skylge ferlitten. Se ferhuze nei de fêste wâl en setele har yn Kimswert, yn in âld bûterfabryk. Anne van Slageren jout mei de FryslânDOK *Stoomboterland* tagong ta it muzikale en absurdistyske universum, it stoomboterland fan syn nicht Judith Oost.

### It kreëarjen fan in eigen wrâld

We komme yn 'e kunde mei in frou dy't libbet yn en foar har wurk. Wurk wêryn't it draait om fantasy, it kreëarjen fan in eigen wrâld, thús en op it poadium. Earder wie dat it eilân Skylge, wêr't se mei teäterselskip Barrevoet lokaasjefoarstellingen makke. Se waard tige ynspirearre troch de styl fan Derevo, in Russysk selskip, dat ek oan de widze fan Oerol stie. Net folle tekst, beweging en foarmjouwing fertelle it ferhaal.

Nei it ferstjerren fan har heit Gert Oost, in bekend organist en komponist, is it musisearjen hieltyd wichtiger wurden foar Judith. It ôfrûne jier luts se mei har sello lâns Fryske tsjerken mei de foarstelling *O Cielo*. Se liket sa de ferbining mei har heit foarm te jaan, troch it oargel yn dizze konserten te yntegeren. Ien fan de stikke op it repertoire is de *Caprice*, skreaun troch har heit. Gert Oost komponearre dit stik spesjaal foar oargel en sello, in unikum.

### It libben troch in absurdistyske bril

Wat Judith Oost ek docht, der sit altyd in boartlik elemint yn. Se besjocht it libben gauris troch in absurdistyske bril. "Dat vind ik belangrijk, het houdt je gezond." Mei publisiteit meitsje foar har eigen wurk hat se net folle op, mei in eigen werklikheid kreëare yn har stoomboterfabryk nammerste mear. Sa seit se mei de direksje fan it fabryk te stribjen nei "nationale onbekendheid". Dat is mei it útkommen fan dizze FryslânDOK dan efkes mislearre. In gelokkige útsûndering, dy't folslein op it konto stiet fan har neef Anne van Slageren.


### 'Stoomboterland' is te sjen:

Sneon 15 maart 15.30 oere NPO2

Snein 12 maart 13.15 oere NPO2, 17.00 oere Omrop Fryslân (werhelling alle oeren)

*FryslânDOK wurdt Nederlânsk ûndertitele*





Kijktip:

## FryslânDOK *Stoomboterland*

Judith Oost leeft in de wereld die ze zelf bedenkt en maakt

Te zien op 15 en 16 maart

Theatermaakster en Oerol pionier Judith Oost heeft festivaleiland Terschelling verlaten. Ze verhuisde naar de vaste wal en vestigde zich in Kimsward, in een oude boterfabriek. Anne van Slageren geeft met de FryslânDOK *Stoomboterland* een inkijkje in het muzikale en absurdistische universum, het stoomboterland van zijn nicht Judith Oost.

### Het creëren van een eigen wereld

We maken kennis met een vrouw die leeft in en voor haar werk. Werk waar het draait om fantasie, het creëren van een eigen wereld, thuis en op het podium. Eerder was dat het eiland Terschelling, waar ze met theatergezelschap Barrevoet locatievoorstellingen maakte. Ze werd geïnspireerd door de stijl van Derevo, een Russisch gezelschap dat ook aan de wieg van Oerol stond. Weinig tekst, beweging en vormgeving vertellen het verhaal.

Na het overlijden van haar vader Gert Oost, een bekend organist en componist, is het musiceren steeds belangrijker geworden voor Judith. Het afgelopen jaar trok ze met haar cello langs Friese kerken met de voorstelling *O Cielo*. Ze lijkt zo de verbinding met haar vader vorm te geven, door het orgel in deze concerten te integreren. Een van de stukken op het repertoire is de *Caprice*, geschreven door haar vader. Gert Oost componeerde dit stuk voor orgel en cello, een unicum.

### Het leven door een absurdistische bril

Wat Judith Oost ook doet, er zit altijd een speels element in. Ze beschouwt het leven door een absurdistische bril. "Dat vind ik belangrijk, het houdt je gezond." Met de publiciteit zoeken voor haar eigen werk heeft ze niet zoveel op, met een eigen werkelijkheid creëren in haar stoomboterfabriek des te meer. Zo zegt ze met de directie van de fabriek te streven naar "nationale onbekendheid". Dat is met het uitkomen van deze FryslânDOK dan even mislukt. Een gelukkige uitzondering, die volledig op het conto staat van haar neef Anne van Sageren.

### 'Stoomboterland' is te zien:

Zaterdag 11 maart 15.30 uur NPO2

Zondag 12 maart 13.15 uur NPO2, 17.00 uur Omrop Fryslân (elk uur herhaling)

*FryslânDOK wordt in het Nederlands ondertiteld.*



Omrop Fryslân



Kom fierder